

Wurklistpunt: 11. Moasje frjemd oan de oarder fan de dei

Underwerp: Utwreidingsplan 'De Wide Pet Súd faze 2' op De Harkema mei faasje oppakke

De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op d.d. 19-11-2020

Ropt it kolleezje op:

- Om de ûnderhannelings mei de inisjatyfnimmer, it foarwurk en it opstarten fan de prosedueres, dy't nedich binne foar it realisearjen fan in útwreidingsplan 'De Wide Pet Súd faze 2' op De Harkema mei faasje op te pakken en net te wachtsjen oant it nije Wenning Bou Program op termyn fêststeld is en dus no it izer smeie no't it hyt is.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Taljochting:

- It plangebiet is al yn 2013 opnaam yn de struktuerfysje fan ús gemeente, as ien fan de lêste útwreidingsrjochtingen wenjen foar it doarp De Harkema.
- Ut de regionale wenningmerkanalyse 2017 docht bliken dat der oant 2025 ferlet is fan sirka 65 wenten.
- De ûndernimmer hat yn syn presintaasje tidens de ynformaasjekarrûsel oanjûn, dat se iepen steane foar ideeën wat de ynfolling fan it plan oanbelanget.
- De ûndernimmer wol dêroer graach yn petear mei it kolleezje.
- Binnenstêdich is der foar de kommende jierren net folle mooglik, it ferlet oan wenten is der wol.
- Troch útfiering fan faze 1 Wide Pet Súd is de nedige ynfrastruktuer al oanwêzich, it plan kin dus wat dat oanbelanget op koarte termyn útfierd wurde.

FNP-Achtkarspelen, VVD-Achtkarspelen,

Hr. IJ. van Kammen hr. F.J. Hoekstra

Motie is **ingetrokken**.